

## DA COSTA'S LOFLIET.

---

*Forfrysking.*

Yn djipten fen leed en elinde forsonken,  
 Bidwelmjende droamen yn 't bluistrige hert,  
 Mei neilen fen ûnrest trochpript en trochklonken  
 Wie 't libben my lijen en flymjende smert;  
 Myn lêst wie sa swier yn myn toarrens to dragen,  
 Myn tinken wie wanhoop oan wrâld en oan God,  
 Yn baernende langstme toskroeiden myn dagen,  
 Yn sielenjueshûnger wie yslik myn lot;  
 Ik socht al, en rôp nei de winsk fen myn herte  
 Nei alles, dêr d' ierde mei lokket en lûkt,  
 Ik liet nei myn flêsk en myn eagen my sette,  
 As fiedsel ha'k ljeafde, ha'k minnenocht brûkt,  
 'k Socht palmen as wrâldgreate, as folkebitwinger,  
 'k Socht krânsen mei 't sjongen fen lofsang en liet, —  
 Mar . . . . 't skaedbyld fleach wei for de taest fen myn  
[finger,  
 Al idelens, ydler den d' idelheit wie 't.

Yn djipten fen ûnheil forsonken, biditsen  
 Fortoarste myn siel nei de libbene God,  
 Mar 't each, mei de skyl fen de sünden bilitsen  
 Seach nearne nin útwei yn 't nytljende lot!  
 Ho scoe ek it skepsel, djip sündichlik berne  
 De skepper wer fine mei 't dwyljende hert?  
 Hwêr skynt him it ljocht? yn gjin hoekje, gjin herne,  
 Hy siker nei 't libben en fynt it mar net!  
 Det ljocht sjucht er net by it Heidedom skinen,  
 Gjin stelsels dogg' ea him de wei oan 'e hân,  
 Hy fynt it by boete, by wet noch rabbinen,  
 Piktsjuster is d' úttochte tsjinst nei 't forstân!

O God fol ûntfermjen! Jy seagen myn lijen  
 En 'k waerd troch Jou Geast mei it libben bidield;  
 Yn d' Ienichlik-berne is de rête to krijen,  
 Yn Kristus, Syn Ienge, Syn justlikend Byld!  
 Dy Ienge . . . . Syn hân hat myn eagen oerstritsen  
 En d' ûngeloafsiiskoarste ûntteide yn myn siel;  
 Ik seach Him, ik jowch my, de helmacht is britsen,  
 Yn 't wird fen myn God waerd de himmel myn diel,

Ik seach Him, biloafd aan de foartstjürde út Eden  
 De Soan út 'e team ten 'e lijende vrou,  
 De Rêdder fen sûndaers, de Helper út nedan  
 Dy 't jowt oan 'e Draekskop de deadlike hou ;  
 Ik seach Him foarsein as Hebréér fen namme  
 Ut Abrahams neiteam, út keninklik bloed,  
 De Sprute, dy opblœit út d' ofsleine stamme  
 Dy Joaden en Heidens Syn skaed jowt, Syn goed.  
 Ik seach Him, op d' alters fen Sion foarskaede,  
 Yn offers en wetboek fen Horebs forboun ;  
 Ik seach Him, de Godminsk sa fol fen genade,  
 Troch Isrels profeten op útsicht al jown ;  
 Ik seach Him, de Woartel fen Davids geslachte,  
 Syn Heare, Syn Kening, meiïens ek syn Soan,  
 De God fen de Himmel, it skeppen by machte  
 Troch d' ierde forsmiten as pest fen it lân !  
 Mei ús waerd Er minske, om de minsken te winnen,  
 Myn kwea op syn lea treau him del yn syn lot ;  
 Forspuid en bispuid troch in folk bûte sinnen  
 Seach 't krús Him trochstitsen, forlitten fen God !  
 Myn Rêdder, myn Skildsboarch, myn sûndeornielder,  
 Myn Master, myn Heilân, myn God en myn Hear,  
 Myn helper út ûnleech, myn Libbenstrochstrielder  
 Oan Jo for myn rêdding allinnich al d' ear !  
 O, 'k scil for Jo stride, ja ik wol for Jo lije  
 En 'k moat jimmer sjonge Jou ginst ta Jou lof !  
 De gloed fen myn amme en myn krêft scil 'k Jo wije  
 Oant d' ingel fen 't libben my fierst út dit stof !  
 Sa binn' J', o myn Kening ! yn 't herte my kommen  
 Jy sochten him op, dy 't syn Helper net seach  
 'k Ha 't lûd fen Jou Geast yn myn siele fornommen,  
 O det den dy Geast yet al mear my troch teach !  
 Ja, jow my 't geloave yn myn hert sa to roppen  
 Det hichten der delsiig' en marmerstien brekt,  
 It fjûr út 'e himmel ring delsaeit fen Boppen,  
 En iiskâlde herten yn ljeafdebrân stekt !  
 O mocht mar myn tank oer hiel de ierde wjerklinke,  
 Myn iver moat rize, gjin eins mei dy ha !  
 Foar Jezus moat alles, yn 't stof knibbljend, sinke ;  
 De lof en de tank komt Him iwichlik ta !

---

 A. WIJBENGA.

rjucht. 't Is wol sa, der binne aerdige ferskes by, de musyk mei der wêze, it ôfspritsjen hoeft net better, mar de rjuchte swietrook hawwe d'zze miedeblommen for ús net.

Hiel oars is it mei de Krystsangen. De namme fen Piter Jelles hoeft híj gjin ôfskrik to jaen. Hy hat de ald-Christlike tsjerkesangen prachtich forfryske. Hark mar ris:

Hark, ho 't de kleare stimme sprekt,  
Dy 't troch de tjusternisse brekt,  
Slach op út jimme slomme it each,  
De Christus daget fen omheech !  
Weits op, dou siele, wirch en dea,  
Bismodze en oantaest fen it kwea ;  
In ljeaflik ljocht, in nije dei  
Nimt al dyn lijen fen dy wei.

In inkelde kear scoe in Griffemearde it hwet yn oare klean stitsen ha. Bygelyks: „Hy makket ljeafst it minske allyk oan God en Him.” Dat is tsjin ús lear.

In pear flekjes net rekkene, binne de Krystsangen mei de musyk der by ynmoai. Wy doare se Chr. Sjongselskippen en leden fen ús Selskip, dy 't fen musyk hâldde, dryst oan to rieden.

G. K.

## RÊST.

„Godleazen ha gjin frede,”  
Sa seit ús God ;  
Hjar herte is jimmer hûngreich  
Binypt hjar lot ;  
Hjar skyn is skom fen silver  
In inkle dei ;  
Hja bloeije ynwendich kankrich,  
En . . . . fâlle wei.  
  
„Der bliuwt in rêst for 't Godsfolk.”  
Sa sprekt Gods wîrd ;  
In rêst dy treast, al fâlt ek  
De striid híj hird ;  
Hjar skulden bin bitelle  
Det docht hjar goed  
Hjar sünden bin biditsen  
Troc'h Jezus bloe !.

„Wy bin yn hope sillich,”  
De Heilge Geast  
Docht soks yn 't hert to witten :  
Det is de treast !  
Hjr kin gjin helske machten  
Foroaring dwaen,  
God scil, nei 't ierdske lijen  
Syn himmel jaen.

In Fryske Jonge.

## WIE 'K YET IN BERN !

O wie ik yet in bern, det bliid en fleurich boartet,  
Det nei gjin tiid ef ure freget.  
En wend is hiel de wrâld as boartersgûd to sjên !  
Him parset nea nin leed, det my sa jamk forleget,  
Hy gûlt, mar wylst al is de gûlenssmert forlern !

O wie ik yet in bern !

O wie ik yet in bern en ûnbisoargd fen herte,  
Den stiek my rou noch smerte !  
Den wie 't ek my sa rom, 'k seach neat as sinneskyn !  
It berntsje fielt it net, hwet pinen faek yen mette,  
Hy huppelt mei in laits it jonge libben yn,

O wie ik yet in bern !

O wie ik yet in bern, 'k seach den de goudne takomst,  
Yet oan mei hope yn blinkende eagen !  
Ik tocht my ienmul great en sterk en ryk to sjên  
En vrij, as 't fûgelt' vrij ! ûntdien fen alle beagen !  
O takomst, noustû kaemst, hast al dyn gloed forlern,

O wie ik yet in bern !

O wie ik yet in bern, ik tocht : sa 't sy hjar foardogg'  
Sa bin yn werklikheit de minsken !  
Ik wie do wend de skyn for 't wêzen oan to sjên ;  
O lokkich, nêt to witten, lokkich boppe winsken !  
'k Ha rjue geloaf yn 't moai bileine wird forlern ;

O wie ik yet in bern !

O wie ik lyk in bern, sa nedrich-froed fen herte,  
Myselme fielend swak to wêzen !  
'k Scoe bouwende op Gods trou hwet komt tomiette sjên  
En yn myn ljochtsjend each wie libbensmoed to lêzen !  
'k Wie sterk, — ik hie 't bitrou op eigen krêtt forlern,

O wie ik lyk in bern !

O God meits me as in bern ! 'k rêst den yn Jezus carrems,  
Den saeit der frede yn 't rêstleas herte !  
Den bin ik vrij, den kin 'k in blide takomst sjên,  
Den ha 'k gjin noed, sels kin it grymste ûnheil net lette,  
Den hat de dea syn flym, it grêf syn skrik forlern.

O meits my as in bern !

IN FRYSKÉ JONGE.

Dominy giet oerein, en jowt Hinke de hân, winsket hjar göenjoun en hopet letter wer ris by hjar oan te kommen. Mar Hinke hat it field in biskamjend lexum by dominy op dien to habben. Hja hat deroer neitocht en it hat hjar goed dien. Hja hat lettertiid ynsjoen, det de wei fen torjuchtbringen dy 't de Heare mei syn folk hâldt net altiten de eigen lyn is. Hja hat it letter yn tapassing brocht om in oar útnimmender to achtsjen dan hjar-selme.

Hinke is der net mear. Hja hat allang it tydlike tsjin it iwige ynwiksele. En do 't dominy de taspraek by Hinke hjar lykkiste houd, lit er útkomme, ho 't er ek fen dizze ôfstoarne sister leauwe mocht, det hja opnommen wier yn ien fen de folle wenten, der 't de Heare Jezus fen seit dat Hy der hinne gong om plak ré to meitsjen.

Dominy hat noch fallen ta in hânwizer west op de wei nei it himmelske Kanaän. En op de stoel wier hy in libbende getuge fen dat ûnwrikber gelove, him troch genade ta deel rekke. Letter hat hy noch in tydlang prefester west. Syn dreech en folle omfiemjend únderrjucht hat forskaedte jongelearlingen ta segen west. En altiten moasten hja syn skerpsinnichheit biwûnderje. Hy is der nou ek al net mear. Ek hy rëstet op it tsjerkhof ûnder de griene seadden. Yn de kréft fen syn libben waerd hy fen syn post ôfroppen. Ek for him is it gelove omset yn oanskôgjen. Ek fen him kin getuge wirde: Hy sprekt ek neidet hy stoarn is.

EASTERBIERRUM,  
10de fen Maert 1910.

L. HAMERSMA.

## Psalm XCV.

1. Kom, lit ús God, ús Heil, ús Goed  
Nou tankjend sjonge, blier to moed:  
    Hy lit syn goede ginsten blinke!  
Lit ús, — wy ha syn heil wjerfearn! —  
    Mei lofsang Him tomiette gean,  
        Us psalmen moatte lûd wjerklinke!
2. De Heare is God, ús God is great,  
Us Kening yn Syn hege steat

- Giet al de Goaden fier to boppe !  
 Syn hân bistjûrt ús hiele wrâld ;  
 De bergen moat fen Syn biwâld  
 De dipten fen Syn almacht roppe !
3. Hy skoep alear de wide sé,  
 Hy makke machtich 't droege ré  
     Om wy yn lok dêrop to wenjen.  
 Kom, bidde wy ús Skepper oan  
 Kom lit ús búgje foar Syn troan,  
     Lit ús ús Underhâlder tsjinje.
4. Hy bleau altyd ús trouwe God,  
 Joech ús, Syn folk, it sillichst lot,  
     Hat ús, as trouwe Harder hoede.  
 Hy brocht de skiepkes fen Syn hân  
 Hjar seine jaende yn 't fetste lân ;  
     Folop biskikte Hy ús 't goede.
5. O folk ! jimm' hearre nou Syn stim,  
 Doch dérom nou nei 'twird fen Him  
     Dy 't jimmeroan jimm' 't ealste stjûrde :  
 „Forhîrdzje dochs jim herten net,  
   'k Ha eren jim in teiken set :  
     „Meriba's kwea waerd Massa's groede !
6. „Jimme âlders ha my ferge en dien,  
 „My fjirtich jier op 't heechst wjerstien  
     „Do 't Ik hjar nei dit Kanaan brochte.  
 „'k Liet hjar Myn wûnderwirken sjen,  
   „Mar gjinnent fen dy stive bern  
     „Dy My, mei wiere sinnen sochte !
7. „Ik sei : dit folk, mei 't dwalend hert  
   „Wit fen Myn hillge wegen net,  
     Forsmyt oerdwealsk syn eigen bête ;  
   'k Ha dérom yn Myn lilkens sward :  
   „Sy dogge op 't slimst Myn ear to koart,  
     „Noait scil hja yngean yn Myn rête !

A. WYBENGA.

## Psalm CXI.

1. Halléluja, Halléluja !  
 Ik sjong myn God myn lofsang ta,  
     Ik priisje lûd ús greateren Heare,  
     Ik jow, oprjucht fen sin, myn liet,  
     Ik bring yn der oprjuchten ried  
         En gearkomst Him myn treftichste eare !
2. Gods wirken binne úntsachlik great,  
 Mei nocht sjug wy dy klear en bleat :  
     Optritsen nei in wize reden.  
 Al hwet Er docht is majesteit,  
 We oanbidd' dêrym Syn hearlichkeit,  
     Syn rjucht bistiet yn iwichheden.
3. Hy joech, det wy Syn Almacht witt',  
 Det wy Syn wûndren noait forjitt',  
     En jimmer Syn genade fiele !  
 Hjar, dy Him freezje, jowt Er 't brea,  
 Syn trouforboun forjit Er nea ;  
     Barmhertich weist Er oer ús siele !
4. Hy makke, det Syn folk Syn wirk,  
 Syn greatens, Syn oerwinnen mirk :  
     Sy ha der Heidnen erve úntfongan !  
 De wirken fen Syn sterke hân  
 Jow wierheit, rjucht en oardiel oan :  
     Syn lof wirdt noait genôch bisongen !
5. Syn wetten, oan Syn ginstfolk jown,  
 Steane op Syn trou, en d' iwighe groun  
     Fen wierheit en gerjuchtichheden.  
 Hy hat Syn folk forlossing stjûrd,  
 Syn fêst forboun is 't iwich goed  
     Hwêrop it oan kin yn syn neden.
6. De hillge Namme fen ús God  
 Is freeslik for dy 't Him bispot ;  
     Dy kin syn oardiel net úntrinne !  
 Us Hear to freesjen elke stoun  
 Is 't goed forstân, der wiisheit groun :  
     Gods lof bistiet troch d' ieuwen hinne !

A. WYBENGA.

Op it stille Ienzer tsjerkhof leit de grêfstenen fen Jan Piers. Dit ferske stiet der op beitele:

Hij is in God verblijd geweest,  
Zich zelf in Jezus' leer bewust;  
Uit diepten van Gods wegen;  
Zijn leven, leer en wat niet al  
Stond in Jehova vast en pal  
Hem tot een rijken zegen.

Oer dat grêf falt it ljocht fen 'e opstanning; hwent dy 't der leit is yn Jezus ynslomme. En as ik bitink, hwet Jan Piers west hat for Iens en omkriten, for syn eigen sibben en for de tsjerke fen Fryslân en ik stoarje nou op syn neiteam, dan falt my it skriftwird sa yn: „Dy 't my earje scil ik earje.“

G. A. WUMKES.

## Eat oer it taelforedeljen.

As wy it efkes yntinke, det de Fryske tael ieuwen oanien sa goed as allinnich brûkt waerd troch it plattelânsfolk, det net folle ûntwikkele en faek rûch yn tinken en sizzen is, den hoecht it yen neat net nij to dwaen, det er njonkelytsen forskate rouwe en forkearde útdrukkingen by dy tael ynboargere binne. Hwet heart men yn it deistige libben in bulte, det yen sear docht. Ik nim allinnich mar de forbasterde flokwirden, der de folkstaal fen krielet: „deale“ for „divel“, „wealje“ for „wjerljocht“, „blikslagger“ for „bliksem“, „Krastus“ for „Kristus“ en sa mear. Det soks faek ûngemirken en sùnder doel fen flokken giet, wol ik jerne oannimme, mar it kin net bisteant for God, dy 't de tael jown hat om hjar to hilligjen. Nou kin it lykwols barre, det yen sa'n wird ûntfalt, ear 't men der sels rjucht erch yn hat, mar by it skriuwen, det oertocht spil is, laeit de wei for sokke wirden net sa gau iepen. Dêrom is it dûbeld spitich, det Akkerman it oars sa moaije stik „de Drankforkeapers“ mei it wird „deale“ skeind hat. Ek stiet op side 44 fen „For elk hwet“ it wird „diveker“, op side 54 it wird „fordikje“ det insliks mei „fordomme“ yn 't lyk stiet, en op dyselde side ek it wird „hea“, forkoarting fen „Heare“.

Ek moat it hillige tear en hei earbiedenissein wirde. Alle plattens moat der fier fen bliuwe. Sa wie 't for my

stuitsjend, do ik yn 'e Krystsangen, oerset troch Piter Jelles lies: „Dêr saet de Heare hommels del“. Ik ha det wird „hommels“ nea oars as yn sizwizen mei koartswilige biteikenis brûken heard. Soksoarte útdrukkings binne yn 'e earen fen in hopen Friezen in bispottelik meitsjen fen ús heechste goed, al leau ik daelk det det sa net bidoeld wêze scil. Ek lies ik yn dy Krystsangen fen „Ijeafdepylkjess“ en op 't slach kaem my de leafdegod Cupido, dy 't mei pylk en bôge wapene hjiitte to wêzen, foar 't sin. My tinkt, det eltse heidenske wize fen sizzen yn 'e Kristentael skoudere wirde moat.

Wy binne yn 't bigjin fen 'e Kristen-Fryske taelstriid, en wolle it wol witte, det wy der fiers-to-min bitoeft yn binne, mar lykwols moat wy dochs fen 't bigjin-om-en-ôf sjén litte, hwa 't wy binne en hwet wy bidoele. Grouwélich en bot yn it sizzen en skriuwen to wêzen, it brûken fen platte wirden for hillige saeken, is eat, det wy safolle dwaenlik tsjinstean moatte. By de nije forfrysking fen de bibel, dy 't ús to wachtsjen stiet, meie de eagen den ek wol goed iepen wêze. Der kinne maklik brike dingen for 't ljocht komme. Sa hat Halbertsma it wird „Voorwaar“, dat sa mannich kear yn 'e Bibel foarkomt, oersetten troch „sikersonk“. Det is glêd mis, hwent „sikerzonk“ is in forbastering fen „sacrosanctus“ en dat is sa folle as „forflokt“.

De Kristen-Fries moat fyn-fielend wêze, hwet him it úterjen fen syn tinzen oanbileidt. Elts dy it goede wol yn it sizzen en skriuwen, moat der him op útlizze, to witten to kommen de biteikenis fen 'e wirden dy hy brûkt, om him op dizze wisoansje for in forkearde wize fen sizzen to mijen. Sok taelforedeljen is Kristenplicht en net allinnich, det de tael sôls der fen forbettere wirdt, mar ek dy foredele tael scil wer ynwirkje op ús hiele bisteant.

A. WYBENGA.

dwaen is; as wy sa jong wêze wolle, lit dan de jonkheits-roaze mar forwylgje; in jonkheit dy 't earst bistrielle is fen Christus' ljocht, wirdt yn Christus op 'e nij wer jong en ivich jong. As dat ús doel is, lit dan ek it Fryske libben hjir op ierde mar to neate gean, — as it ienkear stiet yn 'e gloarje fen Christus' Namme, dan wirdt it wer torêch foun yn 'e ivichheit. Hwent der scille alle tongen, talen en naesjes sjonge it liet fen 'e forlossing ta eare fen God en it Laem. — En derom, Jongfeinten fen Fryske stamme en Christennamme, nim se nou mei en forjut se net, dy roaze, dy swanneblom en dat spjirretoekje. Hja sprekke jimme fen it ienkear jonge, altyd Fryske libben, hillige en forivige yn Christus, ús ljeaven Heare.

Ik ha it sein.

EANJUM.

S. HUISMANS.

## It liet fen 'e Griffermearde Jongfeinteboun.

1. Kom broerren, geastessibben,  
    Wy hilgje God ús liet!  
Yn 't jong en moedich libben  
    Is 't fleurich sjongen swiet!  
Us tank rûst oer 'e lannen,  
    Hy hat Syn segen jown :  
Mei mear den ierdske bannen  
    Bliuw' we aan inkoar forboun !
  
2. Us libben, det sa ryk is,  
    Sa bloeijend en sa blier,  
Det oan 'e blommen lyk is  
    Yn kreazens, fleur en tier.  
Scill' wy ús Skepper wije  
    Yn wirkjen, freugde en striid ;  
Syn freze wol 't net lije,  
    Det we offâll' mei ús tiid.

3. Us foarfaers, drege mannen  
     Fen 't echte helteskæi,  
     Forskoerden Spanjes bannen,  
         Al stie 't ek faeken faci ;  
     As w' oer dy dieden lêze,  
         Den polsket ús it bloed ;  
     O lit ús èk sa wêze,  
         Sa great, sa from en froed !
4. De tiidgeast hâldt syn fûke  
     Foar Neêrlâns soannen klear,  
     Hy wol ús flaeijend lûke  
         Mei 't byld fen eigen ear ;  
     Fall' wy yn swiete slomme  
         Den is er op syn dré,  
     Mar dêr kin neat fen komme,  
         Wy meitsje ús wapens ré !
5. O God, op Hwa 't wy bouwe,  
     By âlds ús foarfaers God !  
     O Rots fen iv'ge trouwe,  
         Dy 't weitset oer ús lot.  
     Bitoan oan ús de segen,  
         De neiteam ryk foarsein,  
     Biwarje ús for de wegen  
         Fen 't sündeslyk oertein !
6. En lit der jimmer bliuwe  
     Yn tsjerke en boargersteat  
     Forskaten, dy noch leauwe  
         Hwet ús de Bibel leart,  
     Dy Jo, ús Makker, tsjinje  
         Mei nocht en blier to moed,  
     Den kin Jy by ús wenje,  
         Den meitsje wy it goed !

balke woun hat. De bitingsten oan 'e sjongforienings binne, dat hja forgoeding hawwe scille for de oankofte musyk en for de reiskosten, mar dat yn forbân mei de mear ef minder ynbarde tagongsjilden. Wirdt der skoan jild ynbard, dan is de rekken fordieriger for de sjongers dan as der in bytsje bard wirdt.

Folle mear kin ik der op dit stuit net fen sizze. Lit de sjongselskippen it priissjongen forfêst mar ris yn hjar formidden bisprekke. Mei gauens scil der wol mear fen hearde wirde.

**In foech lieteboekje.** As de kriten gearkomsten hâlde, wolle se ljeafst ek in pear ferskes sjonge. Nou hawwe wy sels noch gjin Christlik lieteboekje en wy kinne dat yn 'e earste tiid ek net forwachtsje. Mar wy hawwe yn ús tiidskrift al forskate Psalmen en ek in pear sjongsume lieten sa as: De Namme Jezus, In fêste burcht, It Boussliet en yet in pear. Nou hat it haedbistjûr Akkerman en Wybenga oansocht in foech lieteboekje gear te stallen, dat tige goedkeap is en der de kriten en oare selskippen dochs wol geriif fen hawwe kinne. Wy heapje, dat bineffens kriten, ek jongfeinte- en jongfammeforienihings al nei it lieteboekje útsjogge.

**Oan master J. P. F. to Hattem.** Koartslyn skreauwen jo my ef ús tiidskrift ek ris eat jaen koe for de stûdzje fen 'e Fryske spraakleer. It scil jo wol oanstean, tink ik, dat it tiidskrift yn inkele jeften der eat fen opnimme scil.

**Oan mefrou J. K.—P. to Soerabaja.** Frjeonlik tank for jou skoandere brief. It stiet ús danich oan, dat jou mei sa'n nocht en wille it tiidskrift lêze. Spitiernôch is de earste jiergong skien útforkoft, sa dat wy jo hjir net yn geriivje kinne. Wy winskje jo 's Hearen Segen ta, yn dat rike, mar tagelyk earme Indië.

RINSUMAGEAST.

G. KAMERLING, *Skriuwer.*

## Eat oer 'e kriten en hjar wirk.

Wy hawwe, om ús selskip steand to hâlden en útwreidzje to litten, binammen trije middels, to witten: de selskipsgearkomsten, it tiidskrift en de kriten. Scille wy

nou it measte prefyt fen dy middels barre, den moatte dy trije ek op inkoar ynwirkje. Foaral de kriten kinne in bulte dwaen for ús tael, tominsten as hja goed to plak steane. Elk kritelid hat yn 'e eerste pleats to witten, dat wy mei ús Fryske tael to bifoarderjen, yn ús goed rjucht stean, dêr 't God elts folk syn eigen tael jown hat, hwent den kin hy wer oaren for ús doel winne. Ek moat wy witte ho 't wy tsjinoer it selskip steane. De kriten werde troch de selskippledien oprjuchte, en dêr de selskippledien it stimrjucht oer 'e selskipssaeken hawwe, hoege de kriten dêr neat oer to sizzen. Sy ha dos op 'e algemiene gearkomsten gjin folmachten to stjûren, ef it mocht wêze, om bysûndere kritebilangen to bipleitsjen.

Mar it is ek goed to witten, hok for'n wirk op 'e kritegearkomsten it bêste is. Opstellen, troch eigen hân opmakke, en der it moaije en it bysûndere fen ús tael yn útkomt, dy moatte jimmer it foarnaemste plak bislaen. Gjin omset Nederlansk, mar suver Frysk. Ek net altyd oer 'e tael mar deryn! Den komt der geselligens, den komt der gang en fleur yn 't spil! En inkoar op 'e missetten wize, dat moat wy fen inkoar fele kinne. Om goed suver Frysk to leverjen scil 't yn 't earstoan wol oan to priizgjen wêze, om mar net foar-de-füst-wei in „rede“ to hâlden.

Yn 'e folle bysûndere Fryske sprekwiden leit in greate taelrykdom. Dêrom moatte de kriteleden hjar der ek tige op útlizze, sokke sizwizen út it deistige libben op to fandelen, dy op to teikenjen, en altomets ien fen 'e geskiktsten op 'e gearkomste to bihanneljen. Soks bygelyks mei in lyts teltsje to fordûdlikjen, kin tige syn nut dwaen.

It is spitich, dat der oan dizz' tiid ta sa 'n bytsje forskaet fen goede foardrachten is. Foaral yn it koartswilige is it oppassen, hwent der hat men it wird fen 'e apostel net bikhertige, dat oer ús wird sâlt struid wirde moat. Wol men oan foardragen dwaen, en dat is for de foroaring hiel wolris goed, dan moat yn dy stikken bygelyks gjin bespottelik meitsjen fen lichemsbrekmen, as lûdhearigens, troch de noas praten ef sa foarkomme. De moaiste koartswyl is dy 't yn 'e klean fen in grap yen hwet to learen jowt.

De kriten moatte safioile mûglik hjar prefyt dwaen. mei itjingje det yn 't tiidskrift foarkomt, en dêrom scoe ik alle Fryske skriuwers taroppe wolle: rekkenje dôchs ek hwet mei ús.

Us is de rie jown, om b.g. troch in pear kriteleden in stik út 'e Bibel forfryskje to litten, en den dy stikken mei eltsoar op 'e forgearringen to forgelykjen, mar dat liket my minder goed ta. It heech en hillich aerd fen 'e Bibel kin net fele, det wy dêr sokke „proefnimmings” mei hâlde. Wol men forfryskje en forgelykje, lit men dêrta in oar bikend stikje nimme.

En sa wolle wy mei inkoar wirkje, om kennisse to krijen fen 'e Fryske tael en skriften, en sa kinne ús kriten dêr ek in poarsje ta bijdrage.

A. WYBENGA.

## Heech wetter.

It is de earste dei fen Slachtmoanne 1570. Bolderjend raest de wyn. Hy reaget fen de neakene beammen de lêste giele blêdtsjes of. Hy skoert fen 'e skoarstien de houtene boarden los en keilt se mei in inkeld tel oer it keale ierdryk. Hark wer in skoer, en yet ien! „En . . . de stoarrem is ut it Noard-Westen”, seit de hûsfaer, en sjucht mei eangstme yn 't each syn triljend wiifke oan. Hy tinkt oan it trochbrekken fen 'e diiken, det al sa faeken barde en grif nou ek eltse stoune to wachtsjen stiet. 't Wirdt nacht, mar hy scil sà net op bêd gean. „O, hwêrom is der yn Fryslân net mear in wirkjen meinkoar, om de diiken, dy 't ommers de pylders fen 't lân binne, sa to ûnderhâlden en to forswierjen, det de sé der nêt mear oer- ef trochhinne komme kin? O, dy twadracht, de flok fen ús Fryske lân! Dat stiet mar mei de koppen tsjin inkoar yn to rinnen!” En binypt fen moed tinkt de man oan nes álve jier, do hy yet nei de kant fen Stârum út wenne, en it séwetter troch de diiken briek en dêr alles ûnder sette, en ho 't neitiid de peallen by de diiken wol trije jier der fordistruweare hinne leinen om 't de iene foar d' oare de hannen net útstekke woe. En ek syn heit en oarreheit ha him faeken forhelle fen 'e slimme tiden, dy hja mei 't séwetter trochmakke hawwe. En nou is 't ek wer krekt Alderheljen. En in bygeloavige freze trochuvert him as er tinkt oan it sizke: „Alderheiligendach, Vrieslandt wel beklaghen mach”, hwent ommers al fjouwer kear is Fryslân op dizze dei slim

teistere worden. „Heislik, hwet skoert de wyn der wer! . . . En hwet gûlt it, de kant nei de dyk út! As . . . En hy fliucht nei bûtendoar ta. Ja 't is al sa! Gapjend, as hûngerige wolve stouwe de séweagen oer 'e lânsdouwe, weiskoerrend, meisleepjend hwet hja mette! . . . Tobek! . . . Rêd, hwet to rédden is! . . . . . Hastich wiif! Op 'e souder! . . . né, dû net, ik scil 't bern út 'e widze meinimme!” En widze en al wirdt by de Ijedder opsjouwd. Mar hwet jowt it? Hwet scoe sa'n gernierswentsje tsjin de wylde weagen bistân wêze? Alles skoert en kreaket! En de jeijende loften sjugge del op it jeijende wetter, det it stjelpke ómskoert, as wie 't fen pompier makke. Dêr driuwt it hûsrie, dêr fordrinkt nei in bytsje sparreljen it hoarnfé en de skiepkes, en dêr forgiet alles hwet skripsemens biwirke hic. En de minsken? . . . De widze úntdriuwt oan de âlders, it bernegûlen wirdt forsmaard troch wynen weachgebolder, en it kriten fen 'e yn wylde smerte losbarstende mem giet de man troch ieren en sinen. In stik fen 't hûs slacht tsjin 't heablok oan, en as troch in wûnder wirde de minsken boppe op 't hea slingeren; wylst it hûs yn stikken en stâllen dêr hinne tûmelt. Mei it heablok driuwe de earme Ijue foart yn 'e yslike, piktsjustere nacht. En do 't it moarnstiid waerd, wie 't lân ien sé fen wetter, hiele Eastergo stie splis, hiele Westergo wie oerspield en djip yn 'e Wâlden toheisteren de brûskjende golven de fen to foaren sa golle lânsdouwe.

De diiken wierne togruzele, de silen út it steed slein en tûzenen minsken fordronken.

Mien net, dat dit skilderij opkleure is; de skiedskriuwers allegear jowe oan, det de 5e Alderheljenfloed forskate lannen oan 'e Noardsé mei jammer en ellinde slein hat. Op balken en heabulten, strieblokken en rûchskernen en stikken fen hûzen dreauwen de minsken, dy 't libben bihâlde mochten yn 't wetter om, wylst de Ijue mei preammen en flotten dy ellindigen ophellen om hjar nei tsjerken en stinsen dy 't op terpen boud wierne oer to bringen, en de liken fen 'e fordronkenen opfisken. In hopen waerden der ek yet as troch in wûnder bihâlden. Sa lèze wy yn in rymke fen Jan Fruitiers, die 't dizze wetterfloed yn 't dichtmaet brocht het:

*Uit het Dongerdeel door 's waters geweldigen slag  
Dreef een maecht op een stuck huis, ('t is wel weerd beschreven)*

Over 't wadt, in zee, en de is ten laetsten gebleven  
Tot Munnikezijl.

Foaral yn 'e Dongerdielen stie 't der slim foar. De kroynskriuwer Winsemius jowt op, det der yn West-Dongerdiel 1519 minskē fordronken en yn East-Dongerdiel 1763. De Ijue fen East-Dongerdiel mienden dizze ramp yn neitinken hâlde to moatten, en dérom waerd boppe de tsjerkedoar to Mitselwier in wytmarmeren stien oanbrocht, mei dizze warden: „In 't iaer van tseventigen is het water in dese kercke een voet hoogh geweest, ende syn verdronken CIO IO CCC menschen in dese grietenye.” Dy stien moat der letter weibritsen wêze en do is der in oaren-ien oanbrocht op it East-ein fen 'e tsjerke, in goed mansel fen 'e groun ôf, mei it opskrift: „A 1570 op Aldarheilige dach Jaû-ens is het Water hier in der kerckehoevn west 1 voet en sijn fardroncke in dese gritenije 1801 mensken.”

A. WYBENGA.

---

## Boekskôging.

---

H. VAN EYK VAN HESLINGA, De Friesche Kerk, hare stichting en vestiging van de laatste helft der zevende tot het begin der elfde eeuw. Leeuwarden, J. H. Borgesius, 1910. Forskynt yn 20 jeften, in kwartsje de jefte; it geheel ynboun f 6.00.

Dit boek is in tige oanwinst for elts, dy 't de tsjerke-skiednis fen âld-Fryslân kennen leare wol. De dominy fen Belkum doar hwet oan. Hy hat frachten boeken yn dit wirk forarbeide. En dan oer sa'n skimerich tiidrek. Hy moat mar net to folle kredyt op syn skiedboarnen habbe. Ek yn dit boek komt wer oan it Ijocht, ho'n bytsje wy fen dy earste Christenieuwen fen it Fryske folk ôf witte. Derfendinne is de styl sims sa telegrannich. De skriuwer kin net genôch libben yn syn stoffe blieze. Mar wy binne tankber for alles hwet er hjir opfandele hat oer dy tiid. Mei it boek folle keapers fine.

G. A. W.

## Op 'e fjûrtoer fen Skiermûntseach.

Ik stie op 'e fjûrtoer fen 't eilân,  
It wie sa'n oannimlike dei,  
It sintsje dreau glânsjend syn paed lâns,  
It wyntsje naem simmergeur mei!

Ik stie op 'e fjûrtoer fen 't eilân,  
Ik dikre, o sa fier yn it roun,  
Sûd-op laei it smûk-ljeave doarpke  
By koukes op blier-griene groun.

It Wâd mei syn boartsjende weachjes,  
It glimke fen eptige fré,  
In inkeld wyt seiltsje bifarke,  
Dit eintsje fen d' einleaze sé.

Dér jinsen, — ho trille myn herte! —  
Dér hálde de ál lengjende dyk  
Myn ynljeaf, 't âld Fryslân omklamme  
It lántsje yn syn ienfâld sa ryk.

Dér blonken East-Dongerdieles toerkes,  
'k Seach Ie en Ingwierrum omfier,  
'k Skôge Eanjum en Ljussens en Nytserk,  
Dér efter myn ienichst Nijwier.

En Noardlik, dêr blokken de dunen,  
Dy bergen fen 't moudsjende sân,  
Unfruchter en skriel, ja mar proes ek,  
In digerbihâld fen 't lyts lân.

In haske sprong rêd troch de ryskes,  
In kliber plesierders him nei,  
Mar 't bistje koe 't paedsje wol fine  
En kroep yn syn hoaltsje gau wei.

En efter de dunen d' úneinge  
It skolprjende, polskjende wiet,  
De weagen wytorskûmich biplûmke,  
En 'k hearde hjar einleaze liet:

„O minsko, dyn herte is sa 't ik bin,  
In bluistrige, rësteaze sé,  
Dû selst kinst net iendris bidjipje,  
Hjar fieling fen bliidskip en wé!

„O minsko, dû bist lyk as ik bin,  
Dû hast hjiir bigjin mar gjin ein,  
En aste dit lân yet's forlitste,  
Bist den fen dyn lijken úntslein?

„O minsko, dû farkest oer 't wide,  
Hy 's lokkich, dy 't wiffe bitinkt,  
Hy 's sillich, honear in goed stjûrman  
Oan 't haed fen 'e himmel him bringt."

Ik stie op 'e fjûrtoer fen 't eilân.  
De himmel wie neijer by my,  
En 'k frege: o God bring my súndaer,  
By himmel ál tichter neiby.

A. WYBENGA.

## O p b l i u w e.

Piter wier in aerdiich baeske, in jonge, der wol hwet yn siet. Op 'e skoalle koe er goed meikomme en úndogensk wie er nou ek net slim. Thús lykwol akkedearer er net yn alles mei mem. Bynammen wier det it gefal, as it joun waerd, en de sinne yn 't nêst kroep. Den oardielede mem, det it tige skoan for Piter wier, det hy oan kant kaem. Mar as mem rôp: „Piter, kom gau jonge, it is sliepenstiid!” den die Piter earst as hy 't net hearde. En as mem den yetteris hwet hirder oantrune, den bigoun de lytse feint al folle to protteljen of to gûlen en skytskoarre nei hûs ta, om 't opbliuwen sa moai wier. As it yn 'e winterjouwen tsjin healwei achten roun, siet Piter al folle drok to boartsjen en seach den stikum nei de klok oan 'e mûrre, en hie ynwindich hoop, det mem him hwet forjitte scoe. En al bigoun 'r dan to gapjen as in jongeprotter, nei syn eigen sizzen wie hy nea net slieperich. Bytiden hie it sânmantsje him den sa to pakken, det 'r